

Wjerklank

Jiergong 8

Nûmer 15 (2014)

**Tydskrift fan
it Obe Postma
Selskip**

Fan blide neitins en stille dreamen

**Brieven fan Postma yn it
Selskipsargyf (2)**

**Geschiedschrijving 1900-1940,
in het bijzonder over Friesland
(Hilversum 2013)**

Kolofon

Obe Postma Selskip

Wjerklank is it tydskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Geke Sjoerdsma, Geart van der Meer en Jan Gulmans.

De lêste is ek redaksjesekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei Wjerklank jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijtsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Wjerklank jout graach romte foar gruttere of lytsere stikken oer it wurk en it libben fan Postma. Fierders jout Wjerklank omtinken oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsferslaggen, útstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastúdzje.

Abonnemint Wjerklank

Njonken Wjerklank hat it OPS in webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije Wjerklank fergees tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útnoege om, as sy in artikel bydrage wolle oan Wjerklank, kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel.: 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (min. € 17,50) moat oermakke wurde op ABN-AMRO no. 43 74 43 620 fan it Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Obe Postma Stichting

Neist it Obe Postma Selskip is de Obe Postma Stichting yn it libben roppen. Dizze stichting sil besykje de nedige finansjele middels beskikber te stellen, dy't foar it wurk fan it Obe Postma Selskip wichtich binne.

Donaasjes binne wolkom.

Untwerp foarblêd: Rob Lucas

Untwerp en opmaak: Frits Sieperda

Ynhâld:

Fan 'e bestjoerstafel	2
Kolofon	2
Fan blide neitins en stille dreamen	3
Brieven fan Postma yn it Selskipsargyf (2)	11
Geschiedschrijving 1900-1940, in het bijzonder over Friesland (Hilversum 2013)	13
Gedicht prinsetun	16

Fan de bestjoerstafel

Twa net ûnbelangrike temas yn 'e bestjoersgearkomsten fan it Obe Postma Selskip wienen de lêste tiid it ûntwerp fan in búste fan Postma en de mooglikheden om in boek mei de samle artikels fan Obe Posma út te jaan. It sjocht dernei út, dat de twa neamde projekten beide realisearre wurde kinne. Earst wat oer de saneamde búste. It OPS hat de âld-leraar biology en keunstner Frans Tiessen fersocht in búste fan Postma te meitsjen. Yn 'e bestjoersgearkomste fan 15 novimber 2013 hat de hear Tiessen syn wurk presintearre. Dêrnei hawwe George Huitema en Geke Sjoerdsma oerlis hân mei Bert Looper, direkteur fan Tresoar. Sy binne oerienkommen, dat, yn oerlis mei Frans Tauber, de arsjitekt fan it dizze simmer te ferbouwen Tresoar, de búste yn Tresoar in prominint plak krije sil yn de stúdzjeseal. As yn septimber it gebou fan Tresoar opnij iepene wurdt, dan sil de búste yn in feestlike gearkomste ûntbleate wurde. Ek yn septimber fynt in troch ús bestjoerslid Geart van der Meer ta te rieden poezijmiddei pleats, dêr't in tal Fryske dichters har útsprekke oer de fraach yn hokker opsicht se har besibbe fiele oan it poëtysk wurk fan Postma, om dêrnei in tal eigen gedichten foar te dragen dy't fan dy bân mei Obe Postma bliken jouwe. Dit yn it ramt fan de troch Tresoar te organisearjen tsien dagen fan it Fryske Boek. Sa't it him no oansjen lit, is dy middei programmeard foar freed 19 septimber, dat jim kinne dat alfêst yn jim bûsboekje skriuwe. It twadde projekt, dat sa goed as seker trochgean kin, is de útjefte fan in boek mei de samle artikels fan Postma. Breuker sil de redaksjonele ynlieding skriuwe. Klaske Straatsma en Tineke Steenmeijer-Wielenga ha al in jiermannich lyn it nedige foarwurk ferset. It muoit ús hjir te melden dat it de ôfrûne jierren net slagge is om fûnsen te finen foar it stypjen fan in te skriuwen biografy oer Postma, wermei't dit projekt spitigernôch fan 'e baan is.

Sûnt de hjerst fan 2006 binne der al fjirtjin nûmers fan Wjerklank ferskynd. It docht it bestjoer deugd, dat Geart van der Meer yn dit nûmer de tried wer opnimt fan eardere skôgingen fan syn hân oer Postma; dat Tineke Steenmeijer-Wielenga har sneupwurk wer resultearre hat yn in bydrage oer âlde brieven oangeande Postma en dat, by einslúten, Wiebe Bergsma in krityske resinsje skreaun hat oer it boek ‘Geschiedschrijving 1900-1940, in het bijzonder over Friesland’ (ûnder redaksje fan Philippus Breuker, Goffe Jensma en Hylkje de Jong). It bestjoer giet derfan út, dat alle dielnimmers oan de stúdzjedei fan 15 novimber 2013 yntusken dizze bondel krigen hawwe. Sa net, lit it dan efkes witte.

Jan Gulmans, skriuwer

It Bestjoer fan it Obe Postma Selskip bestiet út: George Huitema (foarsitter), Jan Gulmans (skriuwer/redaksjelid Wjerklank), Jan Guichelaar (ponghâlder), Geke Sjoerdsma (redaksjelid Wjerklank), Geart van der Meer (redaksjelid Wjerklank), Doekle Elgersma.

Adres fan de skriuwer / redaksjeadres: Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522KH, Enschede, tel. 053-4345511. Email: jan@gulmans.com.

FAN BLIDE NEITINS EN STILLE DREAMEN¹

(Want jonkheids ljocht is `t dat myn paad bestriel`²)

Geart van der Meer

1. *Ynlieding*

It is, no't ik dit begjin te skriuwen, al mear as 33 jier lyn dat ik mij yn 'e hjerst fan 1978 ta it skriuwen sette fan myn *Trotwaernûmer* ('Ta skiente brocht wat net as libben wie', *Trotwaer* 1979: 209-256) oer de útjefte fan de *Samle Fersen* fan Obe Postma fan 1978. Alhoewol't dat lange stik begûn mei in koart oersjoch fan de foarnaamste krityk oant doe ta, en yn dy sin dus de pretinsje hie fan in sekere wittenskiplikens, wie myn stik dêrnêst en foaral wat Jan de Kater neamd hat in 'uitgebreid en zeer persoonlijk leesverslag' (<https://sites.google.com/site/schrijfkater/de-twee-postma-s>). Hij sei der ek noch bij dat it 'boeiend' wie, en ik bin (nei al dy lange jierren myn stik wer ris trochnommen te hawwen) wol sa eigenwiis him dêryn gelyk te jaan. Dat stik wie yndie in *lêsferslach*, steunend op yngeand lêzen fan de teksten mei stipe fan eardere kritiken, dat wol, mar toch in *lêsferslach*, sûnder fierdere echte ûndersteuning fan biografise kennis fan de persoan Postma.

Yn in *Trotwaernûmer* fan de jiergong 1981 ('Obe Postma, un tachtiger yn Fryslân', *Trotwaer* 1981: 12-65) kaam Tony Feitsma mei in suver like lang (en ek boeiend) stik, mei foaral in soad biografise gegevens oer Postma. En mei krityk op û.o. mijsels, omdat ik al te frijmoedich út 'e troch de *dichter* Postma skreaune teksten konklúzjes lutsen hawwe soe oer de *persoan* en it *libben* fan Postma. Fierder wie ien fan har punten dat Postma yn syn gedichten gauris reagearde op wat oaren skreaun hienen, en dat sadwaande sokke teksten net op harsels lêzen wurde moasten, mar sjoen as deel fan in diskusje.

Ik sil hjir net begjinne te wjerkôgjen op de strideraasje fan doe, en inkeld sizze dat Feitsma net helendal ûngelyk en ek net helendal gelyk hie. Myn stânpunt hat altyd west dat in tekst yn prinsipe *autonom* is en begrepen wurde

moatte kin *sûnder* biografise kennis fan de skriuwer en *sûnder alles* te witten wat dy skriuwer sels lêzen hat. As dat net sa is, dan sjit sa'n tekst – en dus de skriuwer dêrfan – tekoart, omdat net rekken holden wurdt mei it ferskil tusken wat de skriuwer wit en wat de lêzer (mei syn algemiene kennis) witte kin.


Mar ... moat ik hjir fuort oan tafoegje, in tekst is fansels net autonoom yn dy sin, dat er los sjoen wurde kin fan de *taal fan de tiid* dêr't er yn skreaun is en ek net los fan de kontekst, de *wrâld (ek de literêre) en tiid* dêr't er yn ferskynd is. It is dan ek net ferwûnderlik dat wat âlder teksten binne, wat mear kennis oer tiid en wrâld (en de taal fansels fan dy tiid en wrâld) fereaske wurde foar in goed begryp. Mar nochris, in tekst moat op *himsels* begrepen wurde kinne (de skriuwer as *minske* wurdt der, om samar te sizzen, net bij levere) en yn it gefal fan Postma steane syn taal en wrâld (noch) wol sa ticht bij ús, dat we syn gedichten sûnder in wiidweidich noateapparaat oer teksteksterne saken, lykas de biografy fan de skriuwer, begripe kinne moatte soenen.³ Ik bin it dan ek net mei Philippus Breuker iens as er yn syn lang en nijsgjirrich stik yn de twadde útjefte fan de *Samle Fersen* seit dat syn gedichten net te begripen binne sûnder syn lânbouhistoarise stúdzjes.⁴ Hij bedoelt dêr - hoopje ik – *net* mei dat we bgl. earst al syn artikels op dat mêd bestudearje moatte soenen om syn gedichten te fetsjen. Dan soenen we ek Nietzsche, Plato, Wordsworth, Keats en al dy oaren earst lêze moatte, dy't Breuker neamt, en dat docht gjinien fansels. Dat is allegear útsoarte o sa nijsgjirrich as jo de skriuwer as *minske* en syn *persoan* en al syn wurk begripe wolle, en dêr is neat op tsjin. Mar it ûntslacht jo as lêzer net fan de plicht om alle omtinken yn it earste plak oan de *tekst* te jaan. It ûntslacht de *skriuwer* trouwens ek net fan de plicht syn tekst sa begryplik en *interpersoanlik* te meitsjen, dat syn

¹ Sj. 'OAN DE FREONEN DY'T MEI MYN 'FRYSKE LAN' FERNOEGE WIENEN' (1918).

² Ut 'DE DREAM FAN IN LOKKICH LIBBEN' (1907).

³ Dan soe yn it gefal fan anonime skriuwers, of skriuwers mei in skûlnamme, de tekst ek ûnlêsber wêze moatte.

⁴ Letterlik sa op s. 523: 'Sûnder kennis fan dat wurk is syn poëzy net goed te begripen.' Dat soe in healwize bewearing wêze as er bedoele soe dat Postma syn teksten net *goed lêzen* wurde kinne *sûnder* dy histoarise bijdragen dernêst te hâlden. It feit dat syn samle wurk sa ridlik goed ferkocht is, wylst fierwei de measte lêzers syn histoarise publikaasjes net lêzen hawwe, is dêr fansels al it bewiis fan. Breuker – sa nim ik oan – moat bedoeld hawwe dat we it ûntstean en de oarsaken en achtergrûnen fan it ûntstean fan syn dichtwurk begripe moatte yn de kontekst fan ek syn histoarise niget. As Breuker it letterlik bedoeld hie, dan soenen wij alles lêze moatte wat Postma ek lêzen en fierder noch skreaun hat nêst syn dichtwurk ... en dat liket mij wat tefolle wurk foar ús, earne lêzers fan de gedichten. Trouwens, as Breuker dat wol sa letterlik bedoele soe, dan falt Postma heel wat te ferwiten, want dat soe er teksten skreaun hawwe, dy't de lêzer minsklikerwize net begripe kin. Dan wie Postma dus in minne dichter.



Omslach: FRYSKE LÂN EN FRYSKE LIBBEN, FERSEN FEN O. POSTMA; A.J. OSINGA - SNITS 1918

lêzers him neikomme kinne. De tekst, dêr giet it om, en as jo kennis oer de persoan yn de romste sin (lit ús sizze: de 24/7 minske) ûnderdeel meitsje fan de interpretaasje fan de tekst, dan dogge jo it omkearde fan dêr't Feitsma mij destiids fan beskuldige: *jo meitsje kennis fan of oer de persoan dan ta ûnderdeel fan de tekst.*

Goed, de tekst dus. Ik wol nei 33 jier opnij besykje in hooplik 'boeiend' lêsferslach te skriuwen fan it dichtwurk fan Obe Postma, en wol op in oare manier. De lêste goed 30 jier hat it bestean fan de *Samle Fersen* derta laat dat wij it wurk fan Postma as in *ôfrûne monolytys geheel* besjoen hawwe, en him as dichter karakterisearde hawwe troch dan wer in oanhaal út syn *earder* wurk, en dan wer út syn *letter* wurk. Op sa'n manier wurdt it iere wurk lêzen en ferklearre yn it ljocht fan wat wij begripe fan it lettere wurk, en ek wol oarsom, en it is de fraach oft dat wol de rjochte metoade is. Sa hat Feitsma de neifolgjende strofe út 'Novimberdream'

Ek myn koarte dagen driuwe
Sêftkes nei 't ferline ta.
'k Sil út dizze kriteren kliuwe
Dan allinne as byld noch bliuwe
En 't heelal ta wente ha.⁵

ferklearre as grif in earst bewiis fan it psychys monisme bij Postma. Dat mei sa lykje yn it ljocht fan wat er *letter* skreaun hat, mar troch de lêzer fan doedestiids (dy't net de kennis hie fan syn lettere bondels) kin dat beslist net sa lêzen west hawwe. Ek hjir liket der troch Feitsma wat oan de (interpretaasje fan de) tekst tafoege te wurden út de lettere teksten wei, te fergelykjen mei it brûken fan biografise kennis. Mar it liket mij mear yn 'e reden te lizzen dat dit destiids opfette is as in wat diznich (miskien kristlik) *ivichheidsleauwen*. In wurd as *kliuwe*, omheech dus nei de himel ta, kin oanlieding jaan ta sa'n kristlike interpretaasje.

Wat ik dêrom yn in oantal bijdragen besykje wol, is in *kronologysk* lêsferslach fan it wurk fan Postma, dus fan it begjin ôf, te skriuwen. En ik wol prebearje dat te dwaan *sûnder* der kennis bij te slepen dy't út it lettere wurk helle wurde moat. Ik sil dat dwaan neffens de perioaden dy't gearfalle mei de ferskillende bondels. Sa begjin ik dan mei de tiid dy't bestrutsen wurdt troch de earste en de twadde printinge *Fryske Lân en Fryske Libben* (FLFL), dws. 1900-1922. Dizze wurkwize kin liede ta in wat oar en better begryp fan de *dichter* Postma, en it *dichtwurk* fan Postma, fan 1900-1922, en sa wol ik dan bij libben

en wolwêzen fierder gean bij elke folgjende bondel. Lit ús ris besjen watfoar dichter wij yn dy FLFL-perioade tsjinkomme.

2. Om mar mei de titel fan de bondel te begjinnen: dy is fansels ûngrammatikaal, en liket te wizen op in dichter dy't der net bang foar is om de taal nei syn hân te setten, as him dat sa útkomt – yn dit gefal grif om metrise redenen. Ik kom dêr letter op werom.

Earste yndrukken fan in bondel binne faak o sa bepalend, en dat jildt net minder foar de iepeningsgedichten, yn dit gefal it oerbekende 'DE BOERINNE FAN SURCH' (1900) As dit op it each ienfâldich gedicht in oanwizing befettet foar de tematyk fan de bondel, dan is dat it oer ûnwennigens giet om it ferline yn in oare oarde as de krite om Surch hinne. Oft in soksoartige ûnwennigens ek jildt foar de dichter, is (noch) net dúdlik, want it fers giet net oer himsels. Dat is wol sa yn 'WINTERMIDDEIDREAM' (1900), dêr't ek al fuortdaalk dúdlik liket te wurden dat dy boerinne toch wol de sprekbuis fan de dichter wie. Hjir wurdt in neimideistafriël yn 'e winter beskreaun mei in lyts famke op it iis, mei as slotkwatryn

Sa haw ik om fierens, o Fryslân leaf,
Myn dreamen om my te treasten:
De loft is ek sa moai en klear
En de wyn waait út it easten.

Hjiryn sprekt kristalklear in dichter dy't ûnwennich is fan syn favorite oarde, en ferlet fan in 'dream' hat om him te 'treasten'. Dat liket in ûnderwerp te wêzen dat we wer tsjinkomme kinne yn FLFL.

'PINKSTERSNEIN' (1901) is yn de earste trije kwatrinen net mear as in beskriuwing fan de o sa ierdske blomrike greiden op in moaie pinksterdei. Mar dan komt de skok fan dat nuvere fjirde kwatryn:

Wat ierdske wille komt soks benei?
O hillige Pinkstersnein!
It heechste lok is op my saaid
En de himmel iepenlein.

Yn earste opslach soe men tinke: in kristlike draai ... mar as Pinkster betsjut it delsaaien fan de Hillige Geast út 'e himel wei, dan knypt der wat, want hjir wurde ierde en 'himmel' blykber lykslein, en is der gjin ferskil tusken dy

⁵ Alle oanhallen komme út Obe Postma, *Samle fersen*, 2005 (besoarge troch Tineke Steenmeijer-Wielenga en mei in wiidweidige ynliding fan Philippus Breuker)

twa. Ik fermoedzje dat dit fers guon lju út dy tiid wat in riedsel west hat, foaral omdat Postma syn gedichten dêr-foar toch eigenlik wat leaf en tradysjoneel wienen, suver folkloristys. Mar skyn kin ferrifelje.

‘DE ‘RIMEN EN TELTSJES’ FAN DE BRUORREN HALBERTSMA’ (1902) befettet in opfallende passazje:

Mar mear noch bist’ my no: it hele libben
Fan Fryslân joust’ my en fan ’t folts de siele,
Yn dy fyn ik my sels, myn honk en sibben
En wa kin ’t frjemde lyk as eigen fiele?

Hjir iepenbieret him in *romantys* dichter, dy’t it ‘folk’ in siele tadichtet dêr’t er himsels yn ‘fine’ kin: Postma sjocht himsels hjir as *hearrend ta in grutter geheel*, syn Fryske folk. Wat er presys mei ‘siele’ bedoelt, sille wij noch even yn it fierdere wurk ôfwachtsje moatte.

Dy driuw om bij dat folk te hearren wurdt noch dúdliker útsprutsen yn ‘IT FERLINE’ (1902), in fierder wat nuet gedicht oer ferstoarne minsken dy’t er him foar de geast hellet (Postma stiet op in tsjerkhôf) mei as lêste strofe

Want, o wat leafde bynt my
Oan minskene libben fêst,
En ’t ferline, dat wûnd’re sechje,
Dat lit my net mei rêst.

Postma wol net allinne *bij* it folk hearre, blykt dus, dy langst slacht op it hearren bij dat folk troch de skiednis hinne – hij wol himsels *ien* fiele mei it folk troch de tiden hinne: wol wat oars as de hjoeddeiske ferfrjemding fan de individualistise minske.

In oar tema is te finen yn ‘DE BOARTERSSTAL’ (1903), feitlik it tema fan it tinken oan en weromlangjen nei earder geniet dat elk minske hat, mar dat allinne dichters op literêre manier staljaan kinne:

In diggel en in blom, dat is har wrâldske moai;
In kas mei âld porslein, in tún yn simmertoi!
En lokkich hy, dy’t, wurch fan ’t sjen, bewarre
It sieleprint fan moai yn jonkheid garre!

As we dat ‘sieleprint’ letterlik nimme, dan lêze wij dat de ‘siele’ fan de dichter bliuwend beynfloede wurdt troch earder geniet fan wat ‘moai’ fûn wurdt: de siele is as waaks, dêr’t eardere ûnderfiningen har spoaren achterlitte – gjin frjemde gedachte fansels.⁶ In oar mooglik tema is te finen yn de earste twa rigels fan dizze oanhaal: de rykdom fan in lytse en skynber ûnbetsjuttende, as jo dat mar sjen wolle.

As we no even foarútspringe yn de bondel nei it twadde skift neamd ‘Oare Fersen’, dan fine wij dyselde gedachte fan it wer opnij opropen fan it loksfielen fan doe yn it momint fan no treflik formuleard yn ‘DE DREAM FAN IN LOKKICH LIBBEN’ (fan 1907, net folle letter dus), en mei de moaie rigel dy’t ik brûkt ha yn de titel fan myn bijdrage:

Ik haw it earder sjoen, mar lang ferlyn,
In blide dei, in gouden simmerjûn.

[..]
Ik wit it net, mar dan in dream fan jeugd,
Want jonkheids ljocht is ’t dat myn paad bestriel’t.

Wy binne net deselden as fan doe,
Doe ’t libben, nij, betsjoende ’t jonge moed;
Mar sokken dream bringt effen ’t âlde hert
En ta ien stream terint it doe en hjoed.

Even letter yn ’e tiid, ek yn it twadde skift, lêze we: ‘Is dichter wêzen oars as ’t lok fan ’t libben sjen?’ (1909), wat op it fermogen slacht om dat lok hieltyd wer troch de kracht fan it ûnthâld opnij te belibjen.⁷

Yn ‘ ’t WIE SNEIN’ (1905) begjin it al wat op te fallen dat Postma gauris in moaiwaar- en sneinsdichter is: we ha yn de bondel al in sinne-oergetten pinkster en peaske hân en no is it in sinnige snein. It is de no al bekende lofsang op sinne en blommen, mar der falt ek wat oars op yn de tredde strofe.

’t Wie snein, o hoe skynde de sinne!
De greide soe trouwe en de loft wie sa grutsk,
Sa kin de simmer begjinne!
Dyn simmer, dyn simmer, myn siele!
O sjoch dochs, o hark, o nim no dyn swiet,
Fan it ivige lok silste fiele!

Ik nim oan dat yn rigel 4 ‘dyn’ nei de dichter sels ferwiist, en dat er it dan oer de simmer fan syn (al wer) ‘siele’ hat, dy’t ‘Fan it ivige lok (...) fiele’ sil. It wurdt ‘ivich’ hat altyd wat in religieuze bijklank, en dat soe men hjir ek wer sa tinke kinne, al wurdt der lykas yn it earder oanhelle ‘PINKSTERSNEIN’ net ferwiisd nei it kristlik leauwen mei syn ivichheidsûnthjit. Mar we lykje no njonkelytsen konkludeare te kinnen dat Postma it ‘lok’ sjocht yn it ferbinen yn it ûnthâld fan juster en hjoed (as it om it ‘moai’ giet – ûnnoflike dingen neamt er net)⁸, it noch altyd wat dizzenige begryp siele hantear⁹ en dan ek noch in ivich bestean oannimt.

Yn it moaie ‘HJERST’ (1909) skriuwt Postma no ris net oer in moaie simmer- of maitydsdei, mar oer syn fizioen fan in boerepleats op in suterige snein (ja, wol wer in snein: hij is krekt fan in kuier thúskommen) as it ‘djrhein-tiid’ is, dat wol sizze de tiid dat it fee fuorre wurdt:

Mar myn ferlangst is mear: ik moat de sielen sjen,
De rin fan ’t libben en fan minsken al ’t bestean.
O, ’t folts yn my te witten, dy it kin en draach!
En sûnder print fan died net út it wurk te gean.

Nêst dat alwer neamen fan ‘sielen’ falt hjir op, dat Postma hjir suver in stap fierder set en net allinne bij it ‘folts’



Clement van Maasdijk (1858-1910) yn syn fleanmasine. Postma skriuwt yn syn gedicht ‘FLEANEN – (By de dea fen Clement fen Maasijk, 27 Aug. 1910) ‘oer in fleanfeest yn begjin augustus 1910, dêr’t er blykber bij west hat, en oer de skok dy’t it fernimmen fan de hommelse dea fan de jonge piloat, bij Arnhem, teweech brocht. Sjoch gedicht XXIV yn Fryske Lân en Fryske Libben.

hearre wol – nee, hij ‘kin’ (= ken) it en draacht it *yn him*, en ... hij wol dat folk beskriuwe, want dat sil er wol bedoele mei ‘dat print fan died’.

Datselde gefoel fan bij it ‘folts’ te hearren, ja sels it folk yn himsels te dragen, moat ek de reden west ha dat er foar it Frysk keazen hat, lês bijg. de earste twa strofen fan ‘IT FRYSK’ (1911):

It giet net oan fan al te frjemd gewas
Yn sljochte folkstaal ’t nuver moai te sizzen,
Of fan it tinken, dat de wrâld omfet,
De jimmer wider rûnten út te lizzen.

Mar ’t moai, dat ek it folts, it bêste, sjocht,
Dat lit him treflich yn dy taal beskriuwe,
En fan ’t bestean fan minsken, ’t libben sels,
Sil mear as yn in keunstaal ’t wêzen bliuwe.

Postma besiket sadwaande yn syn skriuwen it ‘bestean fan minsken, ’t libben sels’ stal te jaan, en ferheft him dan ek as dichter dúdlik net boppe it folk. Hij wol net apart stean fan de gewoane man, mar dernêst. Postma formuleart hjir suver fierder ek in dichterlik program: ‘it tinken, dat de wrâld omfet’ (wat dat ek mar wêze mei...) – dêr wol

Do naamst dyn wiffe plak; de skroef fleach rûn;
Lit los! De tsjillen rôlen, hurd en hurder;
Mar no, hy roert gjin grûn mear! wûnder! sjoch!
Hy stiicht, hy giet de loft yn as in fûgel!
En al dy minsken hâldt it wûnder fêst,

Har hert slacht hurder en as los fan ’t ierdske
Fiel’ hja har licht en frij, op wei nei ’t ljocht.
Hoe rom de wrâld, nei dream fan tûzen jierren!

De sneins kaam praat fan ’t droevich ûngelok;
Wy koenen it net leauwe: ús eigen fleaner,
Jongkearel, dea, sa thús yn ’t hege rom?
Mar kranten brochten ’t nijs. It gong ús oan
En ’t byld fan droev’ge dea bleau lang ús by.
Hy wie ús earste fleaner en wy tanken
Oan him in lokk’ge dei, in duorjend moai.
Wol dêrom, freonen, mei my oan him tinke.

⁶ Wat letter, yn ‘AUGUSTUSSNEIN’ (1912) seit er it sa: ‘Al ’t moai is fuort. – Dochts stoar it net alheel, / De wjerskyn bliuwt, hoe djip de tiid fersinkt.’ Ek hjir dus wer it geniet fan doe ferbûn, troch it swiet neitinken, mei it no.

⁷ “YN FEBREWARIJ’ (1914) – twadde skift – komt ek mei in rigel dy’t it net ûnaardich formuleart: ‘It lok, dat wie, giet nimmer net foarby.’

⁸ Postma seit net om ’e nocht yn SLOTSANG (1915): ‘- De tsjust’re [dagen] hawwe sungen net –’

⁹ Ik mei it hjir eigenlik noch net sizze, mar elkenien wit dat wurden as ‘lok’ en ‘siele’ yn al syn wurk hieltyd wer opdûke.

er net oer skriuwe, omdat de ‘sljochte folkstaal’ dat net oankinne soe. We moatte no mar ôfwachtsje oft er him hjir oan hâlde sil of kin, want hjirmei liket er himsels feroardeeld te hawwen ta beheinde ûnderwerpen: ta it ‘moai, dat ek it folts, it bêste, sjocht’, wat it mear dreech intellektuele aardich liket út te sluten. Oan de oare kant: it ‘bestean fan minsken, ’t libben sels’ ... dat is miskien achterôf besjoen lykwols toch net sa’n beheind terrein as it yn earste opslach liket.

‘FAN ALDE TIDEN’ (1912) is in earste oanwizing dat Postma¹⁰ wat blike lit fan syn histoarise niget. Net allinne de titel jout soks al oan, ek de stavering fan bijg. ‘Claes’, mei syn ‘C’, wiist dêrop, of ‘Upkes’ ynpleats fan ‘Oepkes’. Ek de ferwizing nei ‘Karels tiid’, Karel de Fyfde, nim ik oan, wiist dêrop. Yn dit fierder eigenlik midsmjittich gedicht falt noch wol Postma syn ferbûn-fielen op mei dy eardere slachten:

	
Myn húslju, bin ik noch fan ’t âlde laach?	
Wa seit it my! Mar freonen binn’ wy wol:	
’k Waard grut op jimm’ lân, by jimm’ toer;	
Yn Tjaerd syn finne boarten wy sa gol.	

De oarsseinen fan Postma, 1914

Sa begjint syn ien-fielen mei it folk no ek in diminsje yn ’e tiid te krijen. Fierder is it fansels foar in goed begryp fan dizze tekst absolút net noadich om mear te witten oer Postma syn histoarise stúdzje (sj. myn opmerkingen boppe oer Breuker), en wa’t Claes Upkes wie, is ek folslein ûnbelangryk foar dat begryp.¹¹

Yn it gedicht ‘YN MAART’ (1913) – ek wat in simpel gedichtsje, mar dat wol jin soms wolris wat ferrifelje bij Postma – skrillet de lêzer bij de lêste fjirde strofe ynienen op nei de wat dierbere beskriuwing fan in maartedei, mei syn foarjiersroken:

	
Fan leechste sinnen komt de djipste fieling,	
Wat binn’ wy noch de ierde nei!	
	

Dat is heel moai sein, en past perfekt yn it beeld dat we njonkelytsen krigen hawwe fan Postma as dichter: geen heechdravendheid yn in ‘keunsttaal’, jin net bûten en boppe it folk pleatse, en skriuwe oer de konkreet mei de fiif sinnen fielde yndrukken.

Oant no ta ha wij ien tema mist dêr’t manlike dichters gauris fol fan binne: de leafde foar de frou. ‘MEI DY NOCH TINKE?’ (1915) is fansels wer in tekst oer in swiet tebinnenbringen, mar ditkear spylje dêr famkes in rol yn. It is ek wer wat in nuet gedichtsje oer it ferline, mar opfallend is it lêste:

	
En witste noch fan dy simmerjûn?	
Wêr bloeid’ ea de linebeam sa?	
– It hele stedsje wie fol fan ’e rook –	
Troch ’t beamt blonk de moanne dy ta.	
	

	
Dêr kaam it famke; in tûkje briekst ôf,	
Hja naam it mei laitsjend each;	
O, hoe’t har hertsje, do lokkige biis,	
Dy bliid temjitte fleach!	
	

It hat der wol wat fan dat Postma hjir fan ferealens sprekt ... as dat sa is, dan is dat wol o sa seldsum yn syn wurk (mar hjir rin ik fansels al foarút, wat ik net dwaan soe...). Ik kin yn dit ferbân net om ien fan Postma syn (ek neffens de perfekte foarm) moaiste en bekendste gedichten hinne, ‘LOK’ (1916), in soarte fan twapetear tusken de dichter en in fiktive fragesteller. It liket mij dat it begjin oer de leafde (eros) giet, en op de fraach oft Postma it ‘lân fan jonge langstme’ en it ‘hege lok op ierde’ fûn hat, antwurdet er dat er syn ‘dreamen’ fier weidzje litten hat, en de ‘himmel iepen sjoen’ hat. Of sit ik der hjir nêst en giet it hjir oer wat oars, mar wat dan? – want dy fraach oer de leafde (tusken man en frou, grif) komt werom:

	
– Mar do wiest in ienlik swalker	
En de leafde koesto net.	
	
Mei dan as antwurd:	
	

	
Ljochte ierde wie myn leafde	
Mei har hertslach gong myn hert.	
	

De oarsseinen fan Postma, 1914

Dus oarssein: ‘myn leafde’ wie allesomfetsjend en net beheind ta ien persoan. As oan de ein de fragesteller werom liket te kommen op de leafde as eros, troch derop te wizen dat der nei syn dea net ‘treastlik, leaven fan dyn bloed’ bliuwe sille, folget der in prachtich en mooglikerwiis o sa betsjuttingsfol antwurd:

	
As dit eigen libben bloeide	
Nei syn aard, dan is it goed.	
	
Hjir fettet Postma syn berêstende serene wiisheid gear dat er akseptearnt dat er is sa’t er is – frijfeint bleaun blykber	

sûnder niget oan de frou. En fierder moatte we riede, want hjir lit er it bij.

Ik kom no bij de ‘SLOTSANG’ (1915) dy’t it skift ‘Fryske lân en Fryske Libben’ fan de bondel ôfslút, en sa’t al dúdlik wurden is, dizze poëzij giet oer it ‘lok fan blide dagen’, fûn yn ‘in blier tebinnenbringen’,¹² en yn de dichter dy’t ien wêze wol mei syn folk klinkt ek ‘wat yn oaren klonk’ – hij ‘dreamt’ ek wêr’t it folk oer dreamt. En ek noch:

	
En ’t wie my mear as boartsjen yn in liddig’ oere,	
– Mei ’t ôfgean fan dy oeren wei; –	
It heart ta libbens wurk, it trouwe, djoere,	
O, dat er wat fan bliuwe mei!	
	

De oarsseinen fan Postma, 1914

Poëzij as ‘libbens wurk’ ... en trouwens yn dit gefal yn in o sa noflik floeiend metrum en ritme skreaun, wat net altyd it gefal bij Postma is.

De oarsseinen fan Postma, 1914

3. Hoewolt’t der nei dy ‘slotsang’ noch ‘oare fersen’ folgje, wol ik no al begjinne mei in besykjen om in gearfetting te jaan fan wêr’t it dichtwurk fan FLFL I en II oer giet. Wat der nei dy slotsang noch folget, is net nij mar mear in fierder trochbreidzjen op de al bekende tema’s en gauris in fierdere útwurking dêrfan. Dat is foaral yn ‘Oare fersen I’ fansels ek net sa nuver, want dy rinne fan 1902 oant 1917, d.w.s. suver it tiidrek dêr’t dy slotsang mei ôfslút.

We hawwe fuort yn it earste gedicht fan de boerinne fan Surch al sjoen dat hjir in dichter oan it wurk is dy’t *ûnwennich* is fan de oarde dêr’t er opgroeid is, en ferlet hat fan *dreamen* om *treast* te finen yn it *weromtinken* oan earder *lok*. Dat is de djipste boarne fan de poëzij (IN SJONGER FAN ’T FERLINE’ 1918):

	
‘It doe yn ’t hjoed wer wûn; ta skiente brocht	
Wat net as libben wie!’	
	

En ‘It lok, dat wie, giet nimmer net foarby.’ (‘YN FEBREWARIS’ 1914). Dit opheffen fan de skied tusken hjoed en it ferline *troch de kracht fan it ûnthâld* liket de earste stap te wêzen nei in mear allesomfetsjend gefoel fan tiidloasheid fan alle dingen – dêr kom ik noch op werom.

We binne hjir ek in dichter tsjinkommen dy’t it ‘folk’ op romantise wize in *siele* tadichtet dêr’t er himsels yn fine kin, sadat er himsels deel fielt fan in grutter geheel, it Fryske folk. Sterker noch, hij wol himsels deel fiele fan dat folk *troch de tiden hinne*, en himsels dêr net bûten

pleatse. En noch sterker: hij wol it folk *yn himsels drage*, want hij *ken* it folk, en wol dreame en dichtsje oer wat ek yn oaren klinkt en dreamt. Hij wol dat folk troch de tiden hinne ek *beskriuwe*, sa blykt.

De dichter hat each foar it *lytse en ienfâldige*, en net al linne foar it ‘hege’ (‘YN MAART’ 1913):

	
Fan leechste sinnen komt de djipste fieling,	
Wat binn’ wy noch de ierde nei!	
	

De oarsseinen fan Postma, 1914

En hij is eigenlik in *moaiwaar- en sneinsdichter*, want de measte fersen spylje yn de maityd en simmer, en gauris op frije dagen lykas pinkster en peaske, en altyd spilet it *ljocht* in grutte rol. Suver ûntelber binne de kearen dat er wurden brûkt dy’t op ljocht slaan: *ljocht, klear, blinke, blank* ensfh. It ljocht is it ‘moaist op ierd’ ’ en is ‘it libben sels, / De krêft dy’t alles driuwt!’ (TWA NATUERWIT-TENSKIPLIKE GEDICHTEN *It ljocht*, 1912). De minske is yn datselde fers it bern fan ‘ierde en ljocht’ en dêr liket ek it ljocht lyksteld te wurden mei ‘God’. Alle libben bestiet troch it ljocht, dat bij Postma de rol fan skepper krijt, en net de kristlike God. Dêr binne foarbylden genôch fan: sa lêze we bijg. yn ‘BY LEEGKERK’ (1922):

	
No hat it blau syn blanke spiegels fûn,	
En d’ âlde God, dy’t oer de loft en stiet.	
	

De oarsseinen fan Postma, 1914

Sa liket Postma, lykas yn guon antike oasterse godstsjinsten, de sinne – it ljocht – te ferearjen. Der liket ien útsûndering te wêzen yn ‘DE DYK UT!’ (1920) mei de rigels

	
En, feint, no kinst wol foar dy sjen	
En hâld foar ’t each de hân;	
Ik wit in selde goede God	
Brocht ús yn wûnderlân.	
	

De oarsseinen fan Postma, 1914

De formulearring liket earst in persoanlike God te sugerearen, mar bij neier ynsjen giet it ek hjir om de sinne: it hele gedicht oer in kuier yn it moaie waar stiet wer stiiffol ferwizingen nei it ljocht, dat godlik is, mar net yn kristlik-religieuze sin. We hawwe yn ‘PINKSTERSNEIN’ ek al sjoen dat himel en ierde ien binne.

Opfallend wie ek it gauris brûken fan it wurd *siele*, dat altyd wat in religieuze bijklank hat, en *ivich bestean* suggereart. Dat ivichheidsleauwen fûnen wij al bijg yn ‘NOVIMBERDREAM’ (1915) mei de wurden dat er al linne as ‘byld’ bliuwe sil en it heelal ‘ta wente’ ha sil. Wij lêze it ek yn de wurden ‘Wat stoar giet net ferlern! It wê-

^[10] Doe noch allinne himsels ûndertekenjend mei ‘P’ yn Forjit my net, dat de lêzer hat gjin inkelde aan fan wa’t de persoan Postma is.

^[11] ‘DE SKRAARDER TOER’ (1914), fierder net sa’n bjuster nijsgjirrich gedicht, blykt letter ek oer it ferline te gean.

^[12] Flak dêrfoar skriuwt er noch yn ‘YN FEBREWARIS’ (1914) ‘It lok, dat wie, giet nimmer net foarby.’ En ek wol relevant hjir binne de wurden ‘Of is ’t in krêft fan dichters ’t âlde nij te fielen[?],’ út ‘FOAR ’T EARST’ (1914). Opmerklik is ek ‘- Want kleie oer ’t ferlerne is fan lok ’t begjin. –’ út ‘OARLOCH’ (1914).

zen bliuwt / En libbet bûten tiid.’ (‘OP IT TSJERKHOF’ 1921), of yn ‘yn macht’ge stream / Wat fan ’e tiid is rint nei d’ iv’ge see!’ (‘IK DREAMDE MY’ 1920). It hat hjir wol doel en wiis even op it wurd *stream*, dat ferskillende kearen opdûkt en in metafoar is foar de *ienheid fan alle libben*, dat dus net bestiet út aparte en isolearde libbentsjes en foarfallen, mar wêryn’t alles teraant yn in boppe tiid en romte útgeande allesomfetsjende stream sûnder grinzen. Sjoch bijg. de folgjende oanhaal út ‘YN ’E FOARSIMMER’, dêr’t we al yn 1902 dat idee tsjinkomme:

Fan ’t deiske stribjen kinn’ gjin fâlden bliuwe,
Hja wurde wei as tearkes fan in stream.

Dy ‘tearkes’ meie dan even lykje in selsstandich en apart bestean hân te hawwen, se wurde dêrnei wol wei om yn ’e stream op te gean yn it gruttere geheel.

Dat dit ivichheidsleauwen perfoarst *net* it itige kristlike leauwen is, wurdt heel dúdlik sein mei de wurden yn ‘MYN LIET’ (1921):

Ik sjong fan hege himmel net
En Gods grut hearlik hûs;
My klonk net boppe stjerlik skaai
Dok¹³ hillich harpgerûs.

It is myn ierde, eigen grûn,
It is it goede ljocht,
De siele, dêr’t ik part oan haw:
In bern, ta wêzen brocht.

Dit gedicht is in prachtige gearfetting fan de njonkelytsen dúdlik wurden libbensopfetting fan Postma yn FLFL: syn fersen geane oer de ierde, eigen grûn, it goede ljocht, de dichter as bern fan dat skeppende ljocht, mei dan ek noch de frijwat ûnferwachte – yn de bondel oant no ta dan – ferwizing nei it leauwen yn in siele dêr’t er mei syn eigen siele in part fan is ... even foarútrinnend nei lettere bondels: hjir wurdt al de stap set nei in leauwen yn in ‘al-siele’, in begryp dat yn syn hele oeuvre trije kear brûkt wurdt. Hjir, lykwols, wurdt dat idee fan in allesomfetsjende *siele* noch net fierder útwurke of ferdúdlike. Wij sille hjirfoar wachtsje moatte op de folgjende bondel(s).

Sa jout it tiidrek fan FLFL I & II al in aardich skerp beeld fan wa’t de *dichter* Obe Postma is. We sille yn fierdere bijdragen besjen hoe’t – en oft – er yn de folgjende bondels him fierder ûntjout.

4. Oer de *foarm* sil ik it hjir om de romte koart hâlde. Ik hie der al op wiisd dat Postma himsels in nuvere frijheid tastien hat yn de de titel FRYSCHE LAN EN FRYSCHE LIBBEN, grif om it metrum. Dêr hat er wol faker in hantsje fan, as er bijg. wurden ynkoartet op in manier dy’t net kin of dêrtsjinoer in –e tafoeget dy’t der net heart: ‘op ’e romt’ (FAN JAGERS EN FAN FISHERSLAACH, 1912) en ‘Natoere’ (‘AUGUSTUSSNEIN’ 1912). En oan syn kredo oangeande it net skriuwe wollen yn in ‘keunsttaal’ hat er him net echt holden. Wat moat men tinke fan dy bysûnder mâl bearende en ûnnatuerlike genityfkonstruksjes as bijg. ‘de wulven ierde’ wille klinkt!’ = ‘de wille fan de wulvene (?) ierde klinkt’ (‘MAAIEDEI’, 1919), of ‘alle ieuwen’ wûnder’ = ‘it wûnder fan alle ieuwen’ (‘MYN HUS,’ 1916), of noch slimmer ‘De miggen’ fleurich gûnzjen yn ’e sinne’ = ‘it fleurich gûnzjen fan de miggen’ (‘SIMMERMOANNE,’ 1919) en ‘de skoane libbens lêste dei’ = ‘de lêste dei fan it skoane libben.’ (‘DE LESTE DEI,’ 1920) No, as dat gjin keunsttaal is ... mar dat ferget wat in mear aparte stúdzje en bewarje ik mar foar letter.



Op neon 13 maart 2014 waard it Boekebal foar Lêzers organisearre yn Ljouwert. Underdiel fan it programma wie in literêre kuier troch de stêd lâns de poezijtegels dy’t op ferskillende plakken te sjen binne. It koe natuerlik net misse dat we ek Obe Postma syn Prinsetún oandienen. Op de foto de begeliedster, de Fryske dichteres Sigrîd Kingma

Brieven fan Postma yn it Selskipsargyf (2)

(earste diel, sjoch WJERKLANK 12)

Tineke Steenmeijer-Wielenga

Yn nûmer 12 fan de *Wjerklank* binne twa brieven fan Obe Postma oan de skriuwer fan it Selskip foar Fryske Taal- en Skriftekennisse publisearre mei de dêrby hearrende korrespondinsje út it Selskipsargyf en taljochting en kommin-taar fan my.

Dat wiene brieven út 1901 en 1904. Yn it ynlidinkje hie ik ek al wat skreaun oer twa brieven fan 1906 en ien út 1910 dêr’t yn nûmer 12 lykwols gjin romte mear foar wie. Om it oersjoch fan de brieven fan Postma yn it Selskipsargyf folslein te meitsjen wurde dy trije epistels hjirûnder noch werjûn en taljochte.

3.

Ut de beide brieven fan 1906 blykt, dat it Haadbestjoer Postma en oaren frege hat om advys út te bringen oer wurk fan Gerben Postma, dy’t by it Selskip oankloppe hie om stipe foar de útjefte fan syn ‘Olive- en Ikeblêdden’. D. Kalma neamt it yn *De Fryske Skriftekennisse fan 1897-1925* in samling fan ‘yn haedsaek psalmdichten dêr’t wirk mank is fen greate wearde’ (I, 18). Postma syn oardiel is net folle oars mei syn ‘Ik for my fyn inkele dingen tige moai’ yn de twadde brief. Mar oan de oare kant fynt er ‘oare wer suver neat’. Ta in útjefte is it net kommen, hewol’t de beoardielingskommisje in seleksje fan it yn har eagen bêste wurk oan it HB foarlein hat. Ik jou no earst de brieven en kom dêrnei mei noch wat kommintaar.

*Obe Postma oan [Sjirk van der Burg]
Koarnwert 22 Aug. ’06*

Achte hear Skriuwer;

Ik tankje it haedbistjûr foar de forearjende opdracht en wol de bioardieling fen it wirk wol mei op my nimme. Der binne wol inkelde dingen, der ik ljeaver ta meiwirkje scoe om fenwegens it selskip to stypjen, sa as it útjaen fen in goedkeape blomlêzing út de Rimen en Teltsjes ef wirk fen Jan fen ’e Gaestmar bijgelyks, mar G. Postma is dochs ek lang de minste net, al binne de “Oliveblêdden” net bjuster Frysk. Ik scil dos mar oaf-wachtsje hwet er fierder komme scil.

*Heechachtsjend
Jins tsjinner
O Postma [ht.]*

en it net datearre, ferfolch op dizze brief:

Achte hear v.d. Burg

Hjirby stiûr ik jo de copy en fen ’e oafprinte psalmen dy werom, dy’t net tagelyk ek yn ’e skriften steane. Wy hawwe dy ek mar mei neisjoen, dy binne lang de minsten net. Ik mis inkelde oafdrukke psalmen[?], dy’t yn it skrift steane, ik tink hast, dat de hear Wartena dy noch hat, nou dat docht er net folle ta. It forslach, troch de oare hearen goedkard, giet hjirby. Sa as jy sjen scille wirdt er in kar dien: dat is goed en dat is forkeard. Ik for my fyn inkele dingen tige moai, mar oare wer suver neat. De rekken fen ús ûnkosten is noch net opmakke; hwer en hwennear moatte wy dy ynstiûre?

*Mei groetenisse
Jins
O Postma [ht.]*

Dizze brieven binne om ferskillende reden aardich; foarst omdat der út blykt, dat Postma frege is om wurk te beoardieljen en dat er op dat fersyk yngien is. Hy neamt it in ‘forearjende opdracht’. Yn de twadde brief wurdt dúdlik, dat Postma binnen dy komisje de funksje hie fan kontaktpersoan mei it HB: hy stjort it ferslach ta en sil ek de ûnkostennota yntsjinje. Nijsgjirich is fierder, dat Postma opmerkt, dat er leaver meiwurkje wolle soe oan in goedkeape blomlêzing út de *Rimen en Teltsjes* of fan dichtwurk fan Jan Jelles Hof. Dat er in leafhawwer wie fan it wurk fan de Halbertsma’s hie al bliken dien út syn gedicht dêroer dat yn 1902 as ferfolch op syn debút yn *Forjit my net!* opnommen wie. Yn 1915 soe er Hof noch stypje yn de striid tsjin Douwe Kalma. Yn dat jier benadere dy Jongfries Postma mei in fersyk om fersen by te dragen oan in troch him gear te stallen blomlêzing. Postma is dêrta wol ree, mar op twa betingsten: ‘It earste is, dat it boek oars net as in blomlêzing wirdt, dos sûnder letterkindige biskôgings. Hwet ik op dat gebiet fen Jo lêzen haw yn Forjit-my-net, L.C. en “Jongfryske biweging”, der kin ik it lang net mei iens wêze. Binammen Jins oardiel oer de Halbertsma’s en Jan fen ’e Gaestmar is, by my, faken fier mis. (Sjuch myn fers “De Rimen en Teltsjes fen ’e bruorren Halbertsma”). It twadde bitinkst is, dat ik de kar goed fine moat en de fersen noch ris neisjen mei, foar’t hja printe wirde.’ (8.12.1915). In dei letter komt Postma noch mei krityk op de list fan skriuwers fan wa’t Kalma wurk opnimme

¹³ ‘Dok’ = ‘sok’. It brûken fan dat âldfrinzige wurd kin weromgean op Gysbert Japicx (1603-1666) of J.C.P. Salverda (?) (1783-1836) en is faaks part fan in sitaat.

wolle soe. Neffens him mist de namme fan Th. Van der Schaaf dêrop. En dan nimt er it nochris foar Hof op mei de wurden: ‘Fierder makket it in frjemde yndruk as men wol Sipma, mar net Hof sjucht ûnder de nijere persoanlike skriuwers.’ (9.12.1915).

Postma is konsekwint bleaun yn syn ferwiten oan it adres fan Kalma. Yn in betankbrief foar de twadielige blomlêzing *Wy roppe de libbenen* frege er nochris, wêrom’t Kalma dêr gjin wurk fan Gerben Postma en Jan Jelles Hof yn opnommen hat. (3.11.1938).

4.

De lêste brief fan Postma dy’t ik yn it Selskipsargyf fûn haw, is ien fan 1910. It liket my net ûnmooglik, dat yn de neilittenskip fan bygelyks Sytstra nochris mear fûn wurde sille, want brieven as dizze by de oanbieding fan in tal nije fersen sil Postma dochs - sjoen it grutte tal gedichten dy’t fan him opnommen binne yn *Forjit my net!*, *Swan-neblommen* en letter *Fryslân* - folle faker skreaun hawwe. Dy publikaasjeplakken binne te finen yn de ynhâldsopjefte fan de *Samle fersen* en faaks leannet it wol de muoite om nochris systematysk te sykjen nei en/of yn redaksje-argiven fan alle periodiken dêr’t wurk fan syn hân in plak yn krigen hat. Utjouwers en redakteuren lizze op in minne namme by literatuerhistoarisy, omdat fan har sein wurdt, dat se as de kopij ien kear printe is alle belangstelling foar de eftergrûnen fan it wurk ferlieze, mar der binne útsûnderingen!

De brief dy’t hjir folget is grif oan de obskureiteit fan sokke redaksjonele bewarplakken ûntkommen troch it twadde part, dat oer algemien Selskipsbelied giet.

Grins, 6.9.1910

Tige Achte Hear Samler,

Hjirby stiûr ik Jo wer ris in stikmannich oan ien side beskreaune blêdden. Ik hoopje dat Jy der fan brûkme meitse kinne for Forjit my net. Der is dizze kear d'ris ien "gelegenheidsdicht" by.

Mei ik noch ek in lytse opmerking meitse oangeande ús Frysk Selskip? Ik hearde lêsten, it ledental wier hwet oafnomd. Scoene Jimme der gjin foroaring yn bringe kinne troch mear leden bûten Fryslân to sjen to krijen? Net troch de leden fen Fryske Selskippen bûten Fryslân te nimmen, sa as mien ik Canne woe, mar b.g. troch hwet reclame ûnder de intellectueelen to meitsen.

Ik wol leauwe det er hûnderten Fryske leararen M.O. binne bûten Fryslân. En der binne miskien 4 lid. Schepers, Sipma, Auke [?] en ik.

Der is mar ien Fryske professor lid. Hwerom sokke ljue als [!] prof Pel, Ruitinga en Talma net? Dy kinne it ek wol bitelje. Mar miskien witte dy ljue ek hast net fen it Selskip oaf. Do't Van der Burg my frege lid to warden, leau ik net

det ik it tydskrift Forjit my net ea sjoen hie. Allinne Swan-neblommen hie ik wolris koft.

Ik bin bang det er op it egenblik to folle de miening bistiet det men hwet for it Frysk dien hadde moat of to minsten der bipaelde bikinde sympathie for hadde moat om lid wirde to kinnen, en det is dochs fêst sa net?

Det kin dochs letter komme.

Mei myn bêste winsken for Selskip en it Frysk

Jins

OPostma [ht.]

Earst wol ik wize op de term ‘gelegenheidsgedicht’, dy’t Postma sels yn syn brief markearre hat mei skrapkes. Hy fer-wiist dêrmei nei it fers ‘Fleanen’ (SF 38), dat yndie yn 1910 noch opnommen is yn *Forjit my net!*. Postma hat it skreaun ‘By de dea fan Clement fan Maasdijk, 27 augustus 1910’ en it is yn syn oeuvre it earste (en in seldsum) foarbyld fan streekrjocht oan de aktualiteit ûntliende ynspiraasje. Fansels binne der de talrike in memoriamgedichten en gâns fersen dy’t skreaun binne nei oanlieding fan of by it tebinnenbingen fan dingen dy’t op in bepaald stuit bard binne. Der binne ek ‘echte’ gelegenheidsgedichten dy’t er op fersyk skreaun hat, mar wat ik no mar ‘it krantenijis’ neame sil, fine wy net faak yn syn poëzy werom. Dat er sels (?) koart foar it ferûngelokjen fan de fleaner in demonstraasje op It Fean bywenne hie, ferklearret de emoasje dy’t sa fier giet, dat Postma de Haachske Van Maasdijk ‘ús eigen fleaner’ neamt en it fers oer dy syn dea yn syn earste bondel ûnderbrocht hat yn de ôfdieling ‘Fryske lân en Fryske libben’. Sok fielen moat moai algemien west hawwe yn Fryslân en benammen op It Fean, want dêr is in strjitte nei him neamd en in tinkteken mei in troch Pier Pander makke medaljon foar Van Maasdijk oprjochte.

Ik haw nammers in fraachteken achter dat ‘sels’ set, omdat ik der net wis fan bin, dat wy yn ‘w’ fan rigel 4 ‘ik en oaren’ lêze meie. It kin ek weromslaan op de ‘tûz’nen’ ‘út heel Fryslân’ fan rigel 2 mei wa’t de dichter him ferienselvige hat.

Om de opfetting dat Postma net waarm rûn foar de Fryske Beweging justjes te nuansearjen is it twadde part fan de brief nijsgjirrich. Hjir blykt út, dat er wol deeglik meitinke woe oer de takomst fan ‘ús Frysk Selskip’. Miskien hat er mei it wizen op de Fryske intellektuelen yndirekt ek wol besykje wollen it nivo fan de kritejûnen wat te ferheegjen. Yn it Ald Selskip hawwe gauris twa groepen foar inoar oer stien: de ‘nocht en wille’-leden en de minsken dy’t it Frysk en de Fryske kultuer stypje woene, bygelyks troch it opsetten fan stúdzjerûnten binnen de krite. Postma neamt yn dizze brief ek nochris, dat hysels frege is om lid te wurden troch Van der Burg, mar dat wisten wy ûnderwilens al!

Tineke Steenmeijer-Wielenga

Geschiedschrijving 1900-1940, in het bijzonder over Friesland (Hilversum 2013)

Philippus Breuker, Goffe Jensma en Hylkje de Jong, red

Dit boekje is de skriftlike delslach fan de stúdzjedei oer Fryske skiedskriuwing 1900-1940, organisearre troch it Obe Postma Selskip op freed 30 novimber 2012. Fiif lêzings binne omwurke ta artikels; in tasein artikel fan Jensma is net opnommen yn de bondel. Yn in koarte ynlieding fan de redaksje wurdt terjochte opmurken dat de ynaugurele rede fan Robert Fruin (1860) – bibliografysk net te finen yn dit boek - it begin is fan de wittenskiplike skiedskriuwing yn Nederlân. De akademyske histoarisi foarmen lykwols yn oantal in grutte minderheid yn ferliking mei de warbere sneuper-histoarisi, al dan net organisearre yn genoatskippen of ferienings. De earste kategory hie oer it generaal net in soad omtinken foar de regionale skiednis, wylst de sneupers en leafhawwers fan de geakunde net altiten ynspirearre waarden troch de beropshistoarisi. De bondel iepenet mei in goed oersjoch fan de Nederlânske skiedskriuwing fan Marnix Beyen. Histoarisi as Huizinga, Romein, Geyl en Sneller wiene fan betinken – fansels soe ik hast skriuwe – dat it wurk fan harren neiste kollega’s net it measte foarstelde en hja wiene nochal pessimistysk oer de Nederlânske histoarisi (útsein oer harren eigen wurk). Troch, sa skriuwt Beyen, strukturele beheiningen en in nasjonalistyske skiedopfetting (hoewol’t de Frânsken dochs net minder nasjonalistysk wiene as de Nederlâners) kaam de skiedskriuwing net ta sa’n grutte bloei as yn oare Westeupeeske lannen, en benammen de lokale en regionale skiedskriuwing kaam net echt fan de grûn: ‘De lokale en regionale geschiedenis leken, met andere woorden, binnen de academische historiografie minderwaardig te worden geacht tegenover de nationale, en, in mindere mate, de internationale geschiedenis’ (25). Yn ús lân wie gjin *Annales*-skoalle, gjin ûndersyksgroep lykas yn Gent om Pirenne hinne en gjin *Regionalgeschichte* as yn Dútslân. Sjoen de tige grutte oantallen universitêre dosinten en studinten is it wol wichtig hjir der op te wizen dat Beyen sjen lit dat der yn 1939 tsien heechleararen skiednis wiene yn Nederlân! Hoe kritysk men ek nei harren krewearjen sjen wol, of hoe pessimistysk men doedestiids ek wie, wy moatte wol opmerke dat it wurk fan Huizinga, Geyl, Romein, A.A. van Schelven en H.Th. Colenbrander noch hieltiten lêzen wurdt, krektlyk as it wurk fan H. A. Enno van Gelder (dy’t leraar op in middelbere skoalle wie).

Maarten Duyvendak jout in oersjoch fan de sneupers en de beropshistoarisi yn de earste helte fan de 20^e ieu, dat

dúdlik makket dat der in tige libbene regionale skiedskriuwing wie, benammen ek yn Brabân en Grinslân. Mei rjocht en reden wiist hy op de betsjutting fan it wurk fan de jurist A.S. de Blécourt en fan B.H. Slicher van Bath. Nei de beide algemiene stikken folge trije artikels oer de ‘highlights’ fan de Fryske skiedskriuwing: de teolooch Geert Aeilco Wumkes (1869-1954) troch Johan Frieswijk, in stik fan Hanno Brand oer I.H. Gosses (1873-1940) en ta eintsjebeslút in artikel fan Philippus Breuker oer it wurk fan Obe Postma (1868-1963). De stikken binne adekwate gearfettings fan eigen wurk (Breuker en Frieswijk) en it wurk fan oaren (Brand).

It artikel fan Breuker sil foar it neist it meast oanhelle wurde: én omt hy Postma in a-histoaryske tinkwize taskriuwt en as in ûndersiker beskôget sûnder each te hawwen foar histoaryske feroarings (*quod non*, sjoch syn skiednis fan de Fryske lânbou yn ‘e mande skreaun mei Spahr van der Hoek en syn boek oer de ‘Friesche Kleihoeve’), én om’t hy in egodokumint as taheakke opnaam hat. Dy taheakke is in brief út 1996 fan N.E. Algra oan Breuker sels. Yn dat brief, troch Breuker dochs wol as betrouber beskôge (side 101, fuotnoat 75), wurdt dúdlik dat Postma yn 1950, hoewol *compos mentis*, net mear iepen stie foar krityk fan in jonge ûndersiker. Al hat Postma gjin patint op dizze net al te bêste hâlding fan in gelearde, it brief wie foar my hast pynlik om te lêzen.

Breuker konkludearret mei in ferwizing nei it wichtige artikel fan I.H. Gosses út 1929 ‘Friesche jubileumlitteratuur’ oer de ferskate ûntjouwings yn Fryslân en Grinslân: ‘Tot een bloeiende vereniging van historische onderzoekers kwam het anders dan in Groningen in Friesland niet, ondanks het Fries Museum en het Fries Genootschap, kon het ook moeilijk komen omdat de energie daar meer gestoken werd in de taalbeweging, die voornamelijk gericht





Hans Mol, bij de boekpresintaasje fan de stúdzjedeibondel 'Geschiedschrijving 1900 – 1940, in het bijzonder over Friesland' yn de Steateseal, (15 nov 2013).

was op het heden en de toekomst'(85). Op himsels is dat in terjochte konklúzje, mar dat wol net sizze dat der gjin ûndersikers wiene op it med fan de Fryske skiednis, want op bygelyks side 100 wurde de nammen neamd fan N. Ottema, O. Santema, R.S. Roorda, S.M. Cuperus, A. Hallema, C. Guibal, P. Sipma, J.H. Brouwer, A. Wassenbergh en O. Postma. Dat rychje nammen bringt myn grutste beswier – ôfsjoen fan it ûntbrekken fan in needsaaklik register – tsjin dizze bondel nei foaren: dizze bondel beheint him te folle ta de trije grutte nammen fan Gosses, Wumkes en Postma. Wêrom is der bygelyks skraachoan of hielendal gjin omtinken foar it boek fan J.S. Theissen oer it sintrale bewâld en de Fryske frijheid, it proefskrift fan L.J. van Apeldoorn oer it tsjerklik guod yn Fryslân, de dissertaasje fan de teolooch Cuperus oer de grifformearden

yn de tiid fan de Republyk of de stúdzje fan Guibal oer oligargy en demokrasy yn Fryslân yn 'e tiid fan it *ancien régime*? Werom ek gjin omtinken foar it yn 'e frije tiid ta stân kommen wurk fan A. Hallema (mei in bibliografy fan sa'n 1000 nûmers!), N. Ottema, Lútsen Wagenaar syn biografy fan Willem Loadewyk of de geakunde fan J. Botke oer de gritenij Dantumadiel? By dy nammen hie de redaksje dochs if ferlet fiele moatten fan in neiere skôging oer harren wurk? Theissen syn magnum opus is dochs in echte klassike stúdzje, dy't net in de bibliografy fan dizze bondel neamd wurdt?

De bondel bestiet út net ûnaardige stikken, mar sjoen de beheinde fokus is de bondel eins ek in miste kans.

Wiebe Bergsma, *Fryske Akademy*

Utrikking earste boeken troch redaksjelid Hylkje de Jong oan oanwêzige auteurs Maarten Duijvendak, Johan Frieswijk en Philippus Breuker.



PRINSETUN

Ljochte dagen komme wer op nij,
Fiere bylden geane my foarbij!
Alde paden binne my sa djoer,
Noch is wat fan 't goede libben oer.

Einen kwêkje trou har hjerstesang
O wat hâldt it djip wjerklinken lang!
Oer de tún it giele blêdetek,
Fivers râne hat syn dreambestek.

Boppe dichters jierren bin ik âld,
Mar dizz' dei haww' wûndere krêften wâld;
Lichte rimen komme op my ta
En eat fan in sjongstim njundert sa.